SULT makket spieren los mei Shakespeare

Plak: Koudum, De Sândobbe. **Selskip:** SULT. **Foarstelling**: 'In wintermearke', nei 'A winter's tale' fan Shakespeare. **Bewurking:** Bouke Oldenhof. **Rezjy:** Pieter Stellingwerf. **Belangstelling:** 540 (útferkocht). **Noch te sjen:** jûn en 2, 3 4, 5 en 6 jannewaris, 19.30 oere.

KOUDUM - Shakespeare, dat is Ingelsk foar it losmeitsjen fan de spieren. Dat ferjitte je nea wer, as je tsjûge west hawwe fan 'In wintermearke'. It Súdwesthoeke Lokaasje Teater (SULT) fiert syn tsienjierrich bestean mei dizze foarstelling yn sporthal De Sândobbe yn Koudum. En SULT hat in namme heech te hâlden as it giet om it gebrûk meitsjen fan de lokaasje.

Dat de taskôgers kinne fuort yn it spier. Oer de weechbrêge, meidwaan oan de jazzgimmestyk, droechroeie, op de hometrainer – alles kin, en it wachtsjend folk wurdt oanmoedige troch types yn trainingspakken, oanfierd troch Siebe Sikspek.

Ek yn it stik sels draait alles om sport en beweging. Grutte matten, netten, sportapparaten, autopedsjes en nuveraardige fytskarkes meitsje it byld. Yn Bouke Oldenhof syn frije bewurking fan Shakespeare binne de twa keningen âlde sportskoallematen, dy't yn inoar sportyf de baas besykje te wêzen.

It is ynienen dien mei de sportiviteit, as kening Leontes fan Sisilië (Johan Spijkerman) tinkt dat syn gast, kening Polyxenes fan Bohemen (Popke van der Zee), it mei syn frou oanlein hat. De gast moat flechtsje, de keninginne ferdwynt fan it toaniel, har lytse poppe (fan wa eins?) wurdt op in fiere kust te fûnling lein. In tweintich jier letter dûkt it famke wer op: de prins fan Bohemen (Patrick de Vries) is fereale wurden op de ienfâldige fiskersdochter (Maaike Kampen), dy't sa'n steatlik foarkommen hat. Mar heit Leontes ferbiedt de relaasje en de twa naaie út. Nei Sisilië, dêr't it ferhaal úteinlik syn happy end fynt.

It ferhaal wurdt ferteld troch de tiid, spile troch Ytsje Kramer. Geregeld betsjinnet se de grutte slinger dy't it ferhaal samar tweintich jier foarút of tebek bringt, fan Sisilië nei Bohemen en oarsom. Se hat betiden de hannen fol oan de minsken, dy't de tiid net hurd genôch giet of krekt te hurd. Mar as it har efkes boppe de macht giet, nimt se in time out. En foar de lju waans geduld op de proef steld wurdt - lykas keninginne Hermione (Feikje Hovenga) dy't tweintich jier lang foar stânbyld spylje moat – hat se relativearjende wurden: 'As men tiid fan libjen hat, komt alles goed'.

SULT makket der ûnder lieding fan Pieter Stellingwerf in fleurich mearke fan. Allinne al de kostúms binne in genot om nei te sjen. De rollen binne goed beset – de laitsspieren wurde benammen kitele troch Ytsje Hettinga as de faam Pauline op har ivige karke, en Rienk Nicolai as de âld-sportdokter dy't no in hanneltsje hat yn piltsjes en poeierkes dy't fan alles belove. Muzyk en dûns drage harres by oan dizze eigentiidske Shakespeare yn de sporthal. Bewege of net bewege, dat it de fraach. SULT lit mei dizze produksje sjen dat it de ôfrune tsien jier net stilsitten hat.

F.D.